

Minsken mei mooglikheden yn teatersirkus Mouww

INGEBORG HOOGSTEEN

Fan 23 oant 26 july is ta gelegenheid fan Simmer Snits op it iisbaanterrein yn Snits in bysûndere foarstelling te sjen: it teaterstik Sirkus Mouww. Neist profesjonele akteurs as Edwin Alofs, Theun Plantinga, Klaasje Postma en Alyt Damstra spylje ek in soad minsken mei in fysike of ferstanlike beheining mei. "Se kinne hiel wat en steane krekt as 'normale' minsken midden yn 'e maatskippij", seit akteur Theun Plantinga. It stik soe neffens him dan ek befêstigje dat dy minsken net in beheining, mar just mooglikheden ha.

54

Yn it stik oer de sirkusfamilje Mouww is de wrâld 180 graden oars as yn ús maatskippij. Just dejinge mei in lichaamlike of ferstanlike beheining funksjonearret prima en ideren dy't wy as normaal beskôge soene, falt dêrbûten.

De teaterfoarstelling set út ein as sirkusdirekteur Willy ferstjert. Hy wurdt opfolge troch syn jongste soan Oskar, dy't krekt as syn heit in groeibeheining hat. De âldste soan Walter wurdt passeard om't hy neffens de famylje en artysten net yn dy wrâld thúsheart. Hy is nammentlik normaal.

Mar wat is normaal? Yn it wurdboek stiet by normaal: 'neffens de rigels' of 'gewoan'. Mar hoe leuk soe de wrâld der útsjen at ideren mar gewoan wie? En wolle je eins wol normaal wêze? Je binne dôchs leaver bysûnder of spesjaal?

Theun Plantinga, dy't de rol fan 'normale' broer Walter foar syn rekken nimt, tinkt dat normaal betsjut dat je besteane. 'Ast der bist, dan bist klear. Dan bist normaal. Je bepale fanút in soart fûnemint wat je sels normaal fine, mar sommige karren meitsje je just abnormaal. Ik tink eins dat normaal net bestiet.'

Dat fynt Edwin Alofs, dy't Oskar spilet, ek. 'Normaal is eigenlijk perfect. Maar perfectie bestaat niet. Veel mensen denken: 'ach, kijk hem nou', maar kijken niet naar zichzelf, naar hoe ze zelf in hun hoofd zitten. Mensen kunnen er goed uitzien, maar bijvoorbeeld simpel, dom of slecht in hun werk zijn.'

Alofs: 'Normaal is ook standaard. Als alle mensen normaal doen, heb je ook geen RTL Boulevard. Dan is er ook niets interessants meer. Mensen vinden het volgens mij ook niet leuk als alles normaal is. Over wat juist niet normaal is babbelen, kletsen en zeuren ze. Als alle vrouwen dezelfde kleur ogen en hetzelfde haar hebben, ben je er als man zijnde gauw klaar mee.'

Plantinga, dy't foar ûnder mear Tryater wurket, fynt dat ider minske wat spesjaals hat. 'Ik wol bygelyks net by de bakker of by de Postbank warkje. Wylst minsken wolris tsjin my sizze dat se it sa knap fine dat ik foar in seal fol minsken doar te stean of yn musicals spylje. Mar ik fyn it just wer knap dat ien timmerman is.'

Akteare is neffens de beropsakteur in fak dêr't in soad technyk by komt te sjen, mar it is eins net dreech. 'Ast yn 'e kroech sitst en in grappe makkest is dat faaks it geweldichste teater dat der bestiet. Om't leauweardich en natuerlik is en it út de minsken sels komt. Mar sadreest dyselde man of vrou freege soest om dy grap op it poadium te werheljen, binne se der finaal ôf. Je moatte ticht by jesels bliuwe.'

REPETYSJE

Yn 'e Greidhof yn Reduzum wurdt al wiken op freedtemoarn in pear oeren drok repearde. Komme je de skoalle yn, hoege je allinnich mar op it lûd ôf te gean. Ut de gymnastykseal, dêr't de repetysjes fan 'e profesjonele spilers mei de spilers mei in beheining plakfine, komt in pôle leven. 'Jullie zullen wel moeten', raast

55



Walter. 'Ik moat nik', seit in vrou mei it syndroom fan Down. Gjin idee oft dy tekst by it stik heart, mar it kaam der sa moai út. De muzikanten en inkele artysten moatte dan ek laitsje, mar geane al gau wer troch mei de sêne. 'Weg met Walter. Weg met Walter. Wij willen Oskar!', roppe de sirkusartysten lûd. Ien frommeske stampet mei de fuotten om har wurden krêft by te setten. Walter wurdt lilk: 'Altyd mar Oskar, ús lytse Oskar. En ik dan? Ik mei de kloateklûskes dwaan om't ik grut en sterk bin.'

Walter klimt yn 'e touwen en bliuwt der op 'e kop yn hingjen. Undertusken oefenje de artysten in oare sêne. 'Meeeeemmmmm', ropt er nei Olga, dy't nuver rint en Frysk mei in behoarlik Dútsk

aksint praat. In vrou mei in ferstanlike beheining sjon Dútsk ferske. Je hearre allinnich Olga, spile troch Kla dûdlik sjongen. Se slacht in earm om de vrou hinne er har: 'Noch efkes oefenje en dan spylje wy it dak fan 'e Wylst de spylster fan it toaniel ôf giet, strielet se.'

Spigernôch is de tiid hast om. 'De busjes staan straks klaar, toch?', seit regisseur Pieter Stellingwerf. 'We bin flink opsketten, mar ha net near alle acts oan tiid. Sill einsêne noch efkes dwaan?' De tolvekoppige muzykba te spyljen en fjouwer rolstuollers komme achter elkoar dogge keunstjes, wheelies en achter harren drave fjouw

slingers swaaie. Je kinne eins net sjen wa't fan harren in ferstanlike beheining hat of in begelieder is. En dat is tink ik presiis ek de bedoeling fan it stik. De muzyk is sa opswypkjend dat de measte spilers dy't net op hoege, beginne te dünsjen.

Fjouwer of fiif begelieders steane mei de spilers mei in beheining op it toaniel, fertelt Plantinga. 'Se dogge presiis itselde as wat de spilers dogge. Dus ek de koprol of mei linten of in fear swaaie. Se binne fansels mei de act dwaande, mar tagelyk hâlde se ek wol yn 'e gaten hoe't it mei de klup giet. Tsja, doch it allegear ek mar ris at je autistysk binne. Seishûndert man publyk, in ljocht op je en livemuzyk derby. Dat binne safolle prikels dyst normal net ha kinst. Dus it kin wêze dat twa of trije sizze 'oh nee' en de tinte útflechtsje. In begelieder giet der wol achteroan. Dêr wurdt allegear aan tocht.'

Hjoed repeatearden se foar it earst mei de livemuzykband. 'Dat gie wûnderbaarlik goed. Ast se mar tariedst. Se binne ek wol wend oan feroarings: in oare groep handikapten, ús as beropsakteurs en no dus de muzyk. Se witte dat it allegear frij fluch giet en stelle har der op yn. Oars wachtsje we even. Se fine de muzyk hartstikke leuk en wurde der entúsjast fan.'

Der sit ek in fakir- en yllúzjoniste-act yn it stik. 'Ja, en dat is echt te gek. In famke mei it syndroom fan Down sit echt hiel lang yn de yllúzjoniste-act opsletten foar't se tefoarskyn komme mei. En dat fynt se hielendal fantastysk. Mei in reade holle komt se derút.' Stel dat se der healweis út wol? 'Nee, dan hie se dat allang dien. Se fynt it fierstente leuk. By de repetysjes moat it soms hieltyd opnij of wer draaid wurde, mar sa lang leit sy yn dy act. Letter komt se derút en sizze wy: 'Goh Akke, hoe is it leave, want dit duorre wol hiel lang', mar dan seit sy: 'Nee hear, hartstikke leuk', fertelt Plantinga.

Hoe moatte je minskens mei in lichaamlike of ferstanlike handikap eins neame, freget de Fryske beropsakteur him ôf. 'Handikapten, minskens mei in beheining of minskens mei mooglikheden. Ik bin der wijs fan dat by de útfieringen de enerzjy sa heech komt as se mei linten swaaie, mei kegels smite en koprolje as noait tefoaren, dat minskens sizze: 'Dat dogge se dôchs mar efkes'. Dit stik befestiget dat it minskens mei mooglikheden binne. Net dat it domme minskens binne dy't neat kinne, mar dat se just wol wat kinne en midden yn 'e maatskippij steane. Krekt as wy.'

Dit stik oer normal en net normal doch net in ekstra soad mei beropsakteur Alofs. 'De voorstelling gaat over acceptatie, maar ik kijk er hierdoor niet anders tegenaan. Ik heb er in mijn dagelijks leven als kleine man vaak mee te maken. Het is denk ik meer voor de mensen die er naar kijken.'

Foar Plantinga is dit stik net mei syn eardere aktewurk te fergelykjen. 'At ik yn it lân foar oare produksinten warkje, repeteer ik alle dagen en moat ik stampe, stampe, stampe. En kinst in hiel soad probearje binnen sênes. Hjoed stean ik links, mar no wol ik in kear rjochts stean of wat is de bêste opkomst. Wêr kom ik wei

en wat is myn ynsteek fan 'e sêne. Yn dit stik kin dat minder, want it moet fuort helder wêze. En ik moet hjir echt oan myn geduld warkje: ien moet pisje, efkes wachtsje, alles leit stil. Dan giet ien efkes fuort om syn kostûm te passen, wer wachtsje. It giet folle stadiger. Mar it is in hartstikke leuk projekt dat ek in soad freget.'

SPESJAAL CAST

Sawol Plantinga as Alofs binne spesjaal cast foar harren rol. 'Mei fanwege ús lingte. Edwin is lyts en ik bin aardich grut', seit Plantinga. 'Wat hij teveel heeft, heb ik te weinig', falt Edwin by.

'Dat is fansels ek in bytsje de kolder fan yn in sirkus spyljen. Twa broers dy't sa ferskillend binne', giet Plantinga troch. 'Je zou bijna zeggen: verschillende vaders', mient Alofs. Plantinga sei fuort ja, doe't er frege waard om de rol fan Walter op him te nimmen yn Sirkus Mouww. 'Foar myn teateroplieding die ik sosjaal-pedagogysk wark (SPW) en ik woe altyd al in projekt dwaan mei teater en handikapten en dêr sit ik no yn.'

Ek Alofs twivele net lang. 'Ik had nijs te doen in deze tijd en het leek me leuk. Het is een ander verhaal dan ik gewend ben. Als kleine man word je al snel voor Sneeuwwitje en de zeven dwergen of iets dergelyks gevraagd. Dit stuk is pittig. Hieroor deed ik meestal kortere stukken.' Alofs spile earder yn de searje Baantjer en de film Deuce Bigalow, European Gigolo.

Ek al hat dit stik in serieus boadskip, dôchs stiet it amusemint foarop. Net allinnich toaniel, mar ek in echte sirkusfoarstelling. Plantinga: 'Mei leuke acts fan minsken dêrst it net fan ferwachtest en in goed ferhaal. Mei dit projekt ha minsken harren nek útstutsen. Doar it mar ris oan: in liveband fan tolve muzikanten, wat al lêstich is, en in stik as 20 oant 25 handikapten. Mar ik sis leaver: minsken mei mooglikheden. Kaarten binne fia ynternet te keap op www.theatersneek.nl, mar je kinne se ek oan 'e tinte keapje. Mar ik soe foar de wissichheid mar reservearje.'

56

BESPREK

GERBEN E. DE VRIES

57

Yn juny 2008 naam histoarikus Johan Frieswijk mei in symposium ôfskied fan de Fryske Akademy. By dy gelegenheid fûn ik it spitich dat er net eard waard mei in bondel fan syn bêste koarte biografyen oer it iere sosjalisme yn Fryslân. Hy siet der net mei en ferwiisde nei it biografysk wurdboek fan it sosjalisme en de arbeidersbeweging yn Nederlân, dy't ommers maklik op ynternet te finen is. Dêrmei die de arbeidershistoarikus himsels tekoart, al wie it allinnich mar omdat yn de BWSA mar in pear biografyske sketsen fan syn hân steane. In protte wark fan Frieswijk is te finen yn oare tydskriften, dy't fansels (noch) net allegearre online binne.

Gelokkich is der no it boek fan Fokko Bosker, Rode boegbeelden in Schoterland. Voormannen in de sociale strijd van Noord-Nederland. It boek is trouwens troch Frieswijk noch neisjoen op flaters. Op it earste gesicht soe it in boek wêze moatte oer allegear soarten sosjalisten yn de eardere gemeente Skoatterlân, mar dat is in pars pro toto, sa't letter bliken docht. De úndertitel op syn bar suggerearret dat foarmannen út it hiele noarden fan Nederlân behannele wurde en dat is ek al net sa. Dit boek giet, sa't de foarste rigel op side 7 wol goed oanjout, oer de wrotters en de striders fan de Fryske Wâlden. Hawar, om in wat misliedende titel hoecht mei in boek sels net ôfwefd te wurden.

Dochs bliwt der wat dizenichs om de titel hingjen, al kin Bosker dêr ek neat oan dwaan. 'Sosjalisme yn Fryslân', 'de sosjalen yn oantocht', 'sosjalisme en arbeidersbeweging', 'read Opsterlân', ek mei guon titels fan de literatuerlist is it net altiten even dûdlik wêr't dy boeken no krekt oer geane. Wat wiene yn dy tiid, foar en om 1900 hinne, no eins krekt sosjalisten? Dy fraach spilet fansels ek by 'de voormannen in de sociale strijd' fan Bosker. Yn letterlike sin yllustratyf dêrfoar binne de ferneamde foto's fan 'de grote meeting van socialisten' yn 1890 yn It Mar. It bliuwe ek nei mear as hûndert jier yntrigearjende pertretten (yn it boek ôfdrukt op side 96 en 106). Wa't nochris goed sjoch, kin hast net oars as konkludearje dat it echt net allegear 'socialisten' binne dy't nei it plakje by It Fean tein binne. Ik mei my raar fersinne, mar nêst de wurkmansklean en -petten sjoch ik ek boargermanshuodden en sels floddermûtsen en dat tsjut net op arbeiders. Boppedat hawwe in protte 'socialisten' mear niget oan de fotograaf as oan de appèlmaster. Om koart te kriemen: der wiene dy deis yn It Mar túzenen minskens, mar dat wiene grif net allegear reade revolusjonêren.

Sosjalisten yn soarten

Dat hat fansels ek te krijen mei it unike iere sosjale striid yn Fryslân. Njonken in smisensaasjesikers wie der sùnder mis yn 1890 el fan de Fryske Folkspartij bywêzich. Dat wie i fan ôfdielingen fan it noch gewoan liberale W fan dy fan de middengroep fan de Nederlandse Algemeen Kies- en Stemrecht en fan Fryske op dat stuit al wol revolusjonêre en doe dus Sociaal Democratische Bond. De Folkspartij ferkiezings, mar it wie in tige ferdiele ploech foar algemien kiersjoch foar manlu en froul foaral fia de learplicht alle bern nei de legere wiene der de minsken dy't optearren foar nas de grûn, de drankbestriders, de tsjinstanners ensafuorthinne. Yn 'e praktyk gie it de meast doedestids yn It Mar by wiene benammen fean- en lânarbeiders en om bettere regelingen winterhealjier. Dêrom kamen krekt yn de W opstân, omdat benammen yn de feanterijen en de tsjerken net by steat wiene om in protte út te oefenjen. Mar in lyts part fan dy 'sociale streekrjocht oan op gewelddiedich ferset, reve omstannichheden wie dat hja yn earste en út ynstânsje lokaal operearren. Hoe oars lei dat tiid sterk opkommende antyrevolusjonêren. I grifformearden en ortodox-herfoarmen waai troch Abraham Kuyper, mei in helder beginn en dissiplinêre ôfdielingen oeral yn it lân. Ste antyrevolusjonêren wisten wat se woene: mac mei politike macht op gemeentlik en ryksniveau doelstellings berikke, bygelyks oeral kristlike Domela Nieuwenhuis, de grutte foaroaman nei in pear jier lykwols teloarsteld de Twadde syn dissipelen mei in lestige erfenis op. Doch kiesjoch, hegere leanen, ferbetteringen troch of krekt weromlûke yn it eigen fermiden? D ús harren dan dochs mar sa neame – yn Skoaten oare dielen fan de Wâlden liken dêrom ha aginda te hawwen. It boek fan Fokko Bosker